LEEUWARDER COURANT
14 april 2014, pag. 14

De Korte rekket de Friezen

Yn de 'dagstelling' (LC 7 april) stelt biskop Gerard de Korte dat er gjin prinsipieel beswier hat tsjin it brûken fan it Frysk yn de tsjerke, mar wol praktyske beswieren. It soe de 'ienheid' fan de parochys mar oantaaste.

Oft de reden no praktysk of prinsipieel is, hy stiet sa ús rjocht op ús memmetaal yn ús eigen hûs yn 'e wei. En dat by de presintaasje fan it boek 'De kristlik-Fryske beweging yn de tweintichste ieu' (2014) fan Jan Popkema! De Korte begrypt neat fan de emoasjes fan de Friezen. Syn ferlikingsmateriaal is it dialekt fan Fianen.

Hy soe de 'dagstelling' fan professor Rob Tielman (LC 22 maart) oer de taalfrede dy't bedrige wurdt troch de ûnferdraachsumens fan anty-Friezen, ris lêze moatte. Of him ris ferdjipje moatte yn de yn 1985 sillich ferklearre pater Titus Brandsma, mei-oprjochter fan it Roomsk Frysk Boun en strider foar Frysk ûnderwiis, om ynsjoch te krijen yn it plak fan it Frysk dat de roomsken takomt. De Korte soe sels te riede gean kinne by paus Franciscus, dy't yn ienfâld en nederigens nei minsken harket en him net ta ynstrumint fan de hearskjende elite meitsje litten hat.

Biskop Gerard de Korte yn de Sint Franciscustsjerke yn Boalsert yn febrewaris. FOTO LC/WIM SCHRIJVER

Wêrom soe it Frysk yn de misse nét lykweardich oan it Hollânsk brûkt wurde kinne?

Piter Dykstra, Waskemar